



EFTER DE GERANIUMS

(Familie Doorsnee)

Klucht yn twa bedriuwen fan

C.J. SLIJKOORD

Fryske oersetting

Griet Reitsma

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.

(Grimas Theatergrime verkoop)

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **EFTER DE GERANIUMS – FAMILIE DOORSNEE** gaan opvoeren, dienen in alle programma-boekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **C.J. SLIJKOORD** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: © 2015 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **7** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten
van u te claimen, of te innen.**

PERSONAAZJES EN KLEAN:

Gerda - Hat neist har húshâldlike taken de fersoarging fan har deminte (as is it ûndogense) skoanheit op har nommen. Tekene troch de tiid en it ferline, wêryn har libben net altyd like maklik wie, binne har opmerkings net altyd like nuanseard. Dochs hat se it hert op it goeie plak en se past as in kloek op har gesin.

Gerda is in húsfrou fan 50 á 55 jier âld, dy't neat om uterlik jout. Se hat gjin sieraden om, it hier sit yn 'e war en se hat altyd in lange, blomde skelk foar.

Klaas - Klaas is de man fan Gerda. Hy is ek 50 á 55 jier âld. Klaas is fanwege syn ûntslach in ferbittere man wurden. Hy kin him ferskriklik ergerje oan eltsenien en alles. Dochs is Klaas in goeie fint. Hy is it bêste te omskriuwen as it 'rûge bast, geve pit' type. Klaas hat it hert op it puntsje fan 'e tonge, mar mient it net ferkeard. Dat er sa sikkeneurich is komt troch de krisis, neffens himsels is hy dêr de dupe fan wurden. Dat syn ûntslach ek foar in part syn eigen skuld is komt net as amper by him op. Klaas moat, twongen troch omstannichheden, syn heit opnimme litte yn in fersoargingstehûs. Mar of it slagget?

Klaas is frijwat gewoan yn 'e klean.

Folkert - Folkert is de deminte heit van Klaas. Hy libbet yn 'e waan dat er direkteur wie fan 'e gemeentlike reinigingstsjinst. Dochs kin hy ek tige snedich en ûndogens út 'e hoeke komme, sadwaande freget elts him ôf oft er no demint as ûndogens is. Folkert besiket gauris oan 'e oandacht fan Gerda te ûntkommen en lit gjin kâns foarby gean om út te naaien. Hy wurdt eins twongen troch Gerda en Klaas om nei fersoargingstehûs "Batenstein" te ferhúzen. Mei alles wat er yn him hat ferset Folkert him tsjin dizze twongen ferhuzing.

Folkert is krekt as syn soan Klaas hiel gewoan yn 'e klean en hat yn 'e stoel altyd in plaid om 'e skonken.

Riekje - Riekje is de âldste dochter yn it gesin. Se is de help yn 'e húshâlding. Se is in leave frou, mar net al te snoad. Riekje is net liik te krijen en docht der alles oan om it oaren nei it sin te meitsjen. It ienichste wat se graach ris wolle soe is in kear nei in echte disko. Riekje is yn'e tritich en docht hiel ûnnoazel. Har klean passe hielendal net by elkoar.

Annette - Annette is in jonge frou fan begjin tweintich. Se is de jongste yn it gesin, mar is in frijochten type dy't docht wer't se sin yn hat. Se is gau fereale en lit dat ek dúdlik blike. Annette wurket yn 'e supermerk. Se hat altyd in stik kaugom yn 'e mûle. Annette is eins wol in leaf famke, mar se sjocht der frijwat asosjaal út. Annette hat útdaagjende klean oan en is bot opmakke.

Jos - Jos is immen dy't syn eigen paad giet. Hy bemuoit him eins net mei de oare gesinsleden. Dat docht er allinnich as it him frege wurdt. Yn dat gefal stiet er foar eltsenien klear. Jos is ein tweintich, begjin tritich. Hy hat in spikerbroek, in blûske en sportskuon oan.

Sijke - Har folsleine namme is Sijke Hillen. Se is sosjaal wurkster. Sijke is hiel "tuttich" klaaid, bygelyks in mantelpakje. Se hat altyd in skriuwmap by har.

Frou - Immen dy't net as spylster meidocht, mar wol healwei it twadde bedriuw twa kear in boerd sjen lit mei de tekst "**in wike letter**".

Wat nedich is en ynrjochting keamer yn it earste bedriuw:

- Foar kleanadvyzen sjoch persoansbeskriuwing.
- De keamer dêr't it stik him ôfspilet hat twa doarren. De **rjochter** doar giet nei de oare parten fan 'e wenning, lykas de keuken, sliepkeamers en sa. De **linker** doar is de doar nei de gong en dan nei bûten.
- Der moat in doarbel wêze.
- Yn 'e keamer stiet in tafel mei fjouwer stuollen, in lytse bank, in fauteuil foar Folkert, noch in oare fauteuil en in dressoir as berchmeubel.
- Neist de fauteuil fan Folkert stiet in bysettafeltsje.
- Op it dressoir as berchmeubel stiet in tillefoan. Fierder moat de keamer wat oanklaaid wurde mei in skemerlampe, krantebak, wat skilderijen, tydskriften, in krante ensafh.
- In plaid foar Folkert.
- In blêd mei trije kofjemokken, in sûkerpotsje, molkkantsje en koeketromp mei wat koekjes.
- Kuierstok foar Folkert.
- Stofdoek.
- In stofsûger.
- Mobylytsje foar Annette.
- Radio/CD spiler op it berchmeubel.
- CD mei disko muzyk yn it laad fan it berchmeubel.
- In skriuwap mei in skriuwblok en in pen.
- In boerd mei de tekst: **“in wike letter”**.

EARSTE BEDRIUW

As it doek iepen giet, binne Riekje en Gerda iverich oan it wurk. Riekje is drok dwaande mei in stofdoek en Gerda is oan it stofsûgjen. Se binne hast klear mei it wurk. Folkert sit yn 'e fauteuil, hy hat in plaid om 'e skonken en syn kuierstok stiet neist him.

Folkert: Wolst my de tillefoan efkes jaan, Gerda?

Gerda: Wat sille jo dêrmei?

Folkert: (*gewichtich*) Efkes myn sekretaresse belje. Ik moat har altyd kontrolearre oft se wol alles dien hat wat ik har frege ha. Ik kin eins gjin dei thús bliuwe.

Gerda: (*synysk*) Dat is jo de ôfrûne tweintich jier oars aardich ôfgongen.

Folkert: (*reageart hielendal net*) Jou de tillefoan efkes, Gerda.

Gerda: Efkes geduld, heit. Ik sil him jo daliks jaan.

Folkert: Ik wol de tillefoan no ha.

Gerda: (*lilk*) Hâld op! Ik ha skjin myn nocht fan jo geseur!

Folkert: (*seit neat mar lit dúdlik skine dat er it er net mei iens is*)

Riekje: Neat oan as jo letter demontearre, no mem?

Gerda: Pake demontearre neat, Riekje. Demontearje is dingen út elkoar helje, bygelyks in motor. Watsto bedoelst is demintearje.

Riekje: Bedoele jo dat pake gek oan it wurden is?

Gerda: Dat is wol wat raar sein, Riekje. Lit ik it oars sizze. Neffens dokter is pake in bytsje siik yn 'e holle. Dokter seit; 'pake wurdt demint'. Allinnich tink ik dat pake ek hiel ûndogens is. Dy pake fan dy is wier net sa gek as hy him foardocht.

Riekje: (*lit dúdlik skine dat se har twifels hat*) No ik wit it net, hear mem. Justermoarn stie er him noch mei de slachrjemmebus yn te sjiipjen. Dan doge jo dochs net? Nee, ik tink wier dat pake in slach mei de moalpûde hant hat.

Gerda: Neffens my falt dat wol wat ta. Mar wat seist, sille wy in bakje dwaan?

Riekje: Gesellich. Ik helje it wol efkes. Pake... jo ek kofje?

Folkert: Hin? Wat seist?

Riekje: Wolle jo ek kofje?

Folkert: Uhhh..., nee..., lit mar. Doch my mar in gleske bearenburch.

Gerda: Hoe krije jo dat yn 'e plasse? Jo drinke al jierren net mear. Gjin drip! Jo moatte it no sizze, wolle jo al as net kofje?

Folkert: (*sikkeneurich*) Fuort dan mar.

Gerda: Nimst de stofsûger en de stofdoek mei?

Riekje: Doch ik. (*giet rjochts ôf*)

Gerda: Ik wol efkes serieus mei jo prate, heit. Hoe binne jo der yn 'e goedichheid yn slagge om earjuster ûngemurken de doar út te gean?

Folkert: *(docht krekt as wit er fan neat, sjocht ûndogens nei Gerda, lûkt oan 'e skouders mar seit neat)*

Gerda: Tocht ik al. Ferjitten, hin? Jo binne grif ek ferjitten dat de buorman jo thús brocht hat? Wat hiene jo yn 'e goedichheid yn it winkelsintrum te sykjen? En hoe kamen jo oan dy mûnharmoanika? Grif stellen! Jo moatte jo skamje! Hoe krije jo it yn 'e kop om yn it winkelsintrum as in rândebeyl op dat ding te blazen?

Folkert: *(bytsje lilik)* De measte minsken hâlde wol fan in goed stikje muzyk, hear.

Gerda: Dat bin ik mei jo iens! Mar net dat gejengel fan jo. En dan ek noch mei de pet omgean!

Folkert: Dat is dochs net sa slim? Dat dogge safolle muzikanten yn it winkelsintrum.

Gerda: Dat kin wol wêze, mar die meitsje écht muzyk. Boppedat gean dy net mei in kuierstok it winkeljende publyk efternei as se gjin jild jaan wolle.

Folkert: De measten dy't dêr omhingje jouwe slompen jild út oan klean, drank, iten en mear fan dat soort flauwekul, mar in pear euro foar in muzikant kin der net ôf. Ik sil se himmelje. Dy sleaukerts!

Gerda: *(lilk)* Jo sille hielendal neat, âlde! Dy minsken bepale sels wol wêr't se harren jild oan útjouwe. Dêr ha se jo help net by nedich!

Folkert: *(is djip misledige, sjocht de oare kant út en seit wer neat)*

Riekje: *(komt rjochts op mei in blêd mei trije mokken kofje)* Efkes tiid foar in bakje. *(set bekers foar harsels en Gerda op 'e tafel en bringt in beker by Folkert)*

Gerda: Bedankt, Riekje.

Riekje: Wat sjogge jo wer mâl, pake. *(giet mei Gerda by de tafel sitten om kofje te drinken)*

Gerda: *(tsjin Riekje)* Ik ha him krekt oansprutsen op syn hâlden en dragen van earjuster, mar fansels is hy foar de safolste kear werris alles fergetten. Fergetten hoe't er ûngemurken út naaid is, fergetten hoe't er oan dy mûnharmoanika kommen is, fergetten dat er it winkeljend publyk mei syn kuierstok efternei sitten hat en fergetten dat buorman, om gruttere rampen foar te kommen, him sawat yn 'e hâldgreep mei nei hûs nommen hat. Fergetten, fergetten, fergetten.

Riekje: *(ferguodlikjend)* Och, wy ferjitte allegear wolris wat. Ik yn elts gefal wol!

Gerda: *(makket har wer lilik)* Dat kin bêst wêze, mar ik wurd hie-lendal net goed fan dy man. *(tsjin Folkert)* Bringje jo daliks de mok nei

de keuken as jo de kofje op ha?

Folkert: Och leave, do witst dat ik dat net kin. Ik ha sokke seare skonken. Ik bin al lang bliid as ik rêstich yn myn stoel sitten bliuwe kin. Sels dat kostet al muoite genôch.

Gerda: (*trionfantlik*) Dat is no krekt wat ik bedoel! As it jo net útkomt dan kinne jo neat, mar as we jo gewurde litte dan is jo ferskriklike kwaal ynienen net sa ferskriklik mear. Ik tink dat ik jo mar ynskriu w foar de Para Olympyske Spullen, want foar immen dy't sa beheind is binne jo noch ferhipe fluch neffens buorman.

Riekje: (*freegjend*) Dat is dochs wat wy wolris op 'e tillevyzje sjoen ha? Al dy atleten mei in beheining bedoel ik.

Gerda: Krekt.

Riekje: Dat toch ik al. Mar..., uhhhh..., is dat ek foar minsken mei in geastlike beheining?

Folkert: As dat it gefal is, dan kin dyn mem dy ek wol ynskriuwe. Do komst grif yn oanmerking foar de klasse mei de slimste beheining.

Gerda: Hâd jo in bytsje yn, âlde. Riekje rint yn elts gefal net as de earste de bêste idioat yn it winkelsintrum 'de muzikant' út te hingjen.

Folkert: Doch asjebleaf in bytsje gewoan, pleechsuster Dracula. Tusken myn earen wurket alles noch hiel goed hear. Ek al tinke jim dêr gauris oars oer.

Gerda: As dat sa is dan freegje ik my ôf wat jo earjuster yn it winkelsintrum diene.

Riekje: Mûnharmoanika spylje, no pake?

Gerda: Gelokkich hat er moai wat ophelle mei syn bûtengewoane optreden. Dat wie it ienichste goeie der oan en in moaie oanfolling op it húshâldjild.

Riekje: (*gicheljend*) Wie it dochs earne goed foar.

Folkert: Smoarge dieven!

Gerda: It is wol goed hear, âlde. Somtiden binne jo sa dôf as in kwartel en somtiden mankeart jo hie-len-dal neat oan 'e earen. Dúdlik in gefal fan selektive dôvens. It wurdt hieltyd gekker. Selektyf dôf, selektive ferjitlikens, wat stiet ús noch mear te wachtsjen?

Annette: (*komt rjochts op, mompelt 'goeiemiddei' en giet yn 'e fauteuil tsjinoer Folkert sitten. Annette hat har mobyltsje by har dêr't se gauris op sjocht. Allegear sizze 'goeiemiddei' werom*)

Riekje: Kofje?

Annette: Nee, tankewol.

Folkert: (*tsjin Annette*) Ik bin nea sa katolyk west sûnt asto yn 'e supermerk wurkest.

Annette: (*segrinich*) Wêr slacht dat no wer op?

Folkert: Gewoan....., sûnt asto yn 'e supermerk wurkest hasto alle wiken in frije dei.

Annette: (*noch segriniger*) No....., en!! Wat hat dat mei katolyk te krijen?

Folkert: Sûnt dy tiid sit ik minimaal twa kear yn 'e wike ferplichte tsjin in krús oan te sjen. Op 'e lange doer wurde jo dêr écht wol from fan. As jo dat no wolle as net!

Annette: Dan sjogge jo mar in oare kant út, âlde fiislak!

Gerda: Hâld dy in bytsje yn Annette. Do witst doch wa't it seit.

Annette: Dat wol, mar no't dy âlde demint wurdt hoecht er noch net alles te sizzen wat er yn him opkomt.

Folkert: As ik dat dwaan soe dan fleachst no poerlik de doar út, as gongst no nei dyn keamer om wat fatsoenliks oan te dwaan. Eat wat hielendal om dyn grouwe skiter passet.

Annette: Ik meitsje sels wol út wat klean ik oan doch. Wat jo dêr fan fine kin my gjin reet skele.

Gerda: Sa, de toan is wer setten. As jim tegearre yn 'e keamer binne dan giet it altyd mis.

Riekje: Wêr is heit?

Gerda: Hy is te sollisitearjen, mar it sil wol neat wurde. Hy wol sa graach, mar hy kriget de kâns net.

Annette: Hy hie nea by de gemeentlike reinigingstsjinst wei gean moatten. Hy hie it tige nei it sin op 'e jiske-auto.

Gerda: Dyn heit is net samar by de gemeentlike reinigingstsjinst wei gongen. Hy waard twongen. Nei mear as tritich jier trouwe tsjinst koe hy opdonderje. Om't er saneard wurde moast. Om't dyn heit troch de jierren in aardich salaris opboud hat, wie hy de earste dy't fuort stjoerd waard. En dêrmei út!

Annette: Kin dat samar?

Gerda: Wol as jo in ôfkeapsom akseptearre en jo 'sa't it hjit' akkoart gean mei ûntslach fanwege in reorganisaasje.

Annette: Wat in stel ferrekkelingen. En wêr sollisiteart er dan no?

Gerda: Dat wit ik net. It wie yn elts gefal bûten wurk. Krekt as op 'e jiske-auto. Neffens dyn heit is it wol hiel dom wurk.

Folkert: Dan is de kâns hiel grut dat er oannommen wurdt.

Annette: Jo kinne no ynienen wol hiel byderhant dwaan, mar ik bin grutsk op heit. Hy docht der alles oan om wurk te krijen. Dat kin net fan eltsenien sein wurde. (*op dat stuit giet Annette har mobyltsje*) Annette... mei Robert??? (*rint hinne en wer, tinkt nei wa't Robert wêze kin. Dan giet har in ljocht op*) Wat leaf fan dy, Robert. Wat leuk datsto my bellest. Dat is al wer in skoftke lyn....., Wat seist?.....

Trije dagen!..... Ja, de tiid fljocht foarby. Efkes wachtsje, ik kin hjir net frijút prate. Ien amerij. (*giet rjochts ôf*)

Gerda: (*synysk*) Har folgjende man foar it libben hjit nei alle gedachten Robert. Gelokkich duorret sa'n libben by Annette nea lang. Dat fariearret fan ien dei oan't maksimaal in wike. Dan begjint se sa wer oan in nij libben fol mei leafde en gelok.

Riekje: Dochs fyn ik soks wol spannend. Wat soe ik graach ien sa'n libben oernimme wolle fan myn suske.

Folkert: Mearkes bestean net, Riekje.

Gerda: Klep ticht, âlde.

Folkert: (*synysk*) Ja, Moeder Overste!

Riekje: (*lûd laitsjend*) Moeder Overste. Mem as non. Je moatte der net oan tinke!

Gerda: As we klear binne mei..... (*op dat stuit komt Annette troch de rjochter doar de keamer yn. Se is hielendal oerémis*)

Annette: Witst wat my oerkommen is? Do riedst it nooit!

Gerda: Do moetest meikoarten de man fan dyn dreamen.

Riekje: En ik tink dat syn namme Robert is.

Folkert: En ik tink dat hy op syn heechst twa as trije dagen de man fan dyn dreamen is.

Annette: (*lilk*) Hoe witte jo dat no?

Folkert: Om't it nea langer duorret as in pear dagen.

Annette: Jo kinne jo better mei jo eigen swierrichheden dwaande hâlde, dêr ha jo mear as genôch oan.

Gerda: Annette, do moast tajaan, dy âlde hat net faak gelyk, mar dizze kear hat er de keutel by it skjinne ein. Do ferslytst mear keardels as in sikehûs nullen by it bloedprippen.

Annette: Dat falt oars genôch ta hear.

Gerda: Sis ris earlik, wie ferline wike Benno net de man fan dyn dreamen? En in pear dagen earder, Sjaak? En dêrfoar wie it.... Sorry hear, mar ik kin it net mear byhâlde.

Folkert: Ik hoech der net oer yn te sitten datst him allinnich mei pisjen ferslite silst.

Annette: Wat binne jo dochs in smoarge âlde fiislak. Ik leau, ik fertel tenei neat mear oer myn priveelibben. Allinnich it heechst needsaaklike.

Gerda: Dat is bêst famke. Eltsenien hat rjocht op in priveelibben.

Annette: Dat tocht ik ek. (*ûnferskillich*) Hoechst mei it iten fan'e jûn net op mei te rekkenjen. Ik gean út te iten.

Riekje: Mei Benno?

Annette: Nee, byderhantsje. Mei Robert.

Riekje: Och, wat romantysk. Ik sjoch dy al sitten. In prachtich dekte

tafel, kerskes op 'e tafel, in gleske reade wyn en dan dat hearlike iten! (*ynienen tryst*) eltsenien mei dan in priveelibben ha, mar dat fan dy is folle moaier as dat fan my.

Folkert: Och, elk húske hat syn krúske. Allinnich is mei it iene krúske mear te fertsjinjen as mei it oare krúske. (*ûndogens*) is 't net sa, Annette?

Annette: (*lilk*) Man, doch dochs ris normaal!

Klaas: (*komt rjochts op. Is dúdlik lilik en giet by de tafel sitten*) Wat in rotsoai. Net te leauwen!!!

Gerda: Se ha it yn beried?

Folkert: Bist gek! Sels dat net! Fuort ôfwiisd!

Gerda: Ha se ek sein wêrom?

Klaas: Nee.... Earst ha se my sawat in oere wachtsje litten yn in ûngesellich rot hok. Doe frege ien as oare eigenwize snotaap nei myn diploma's en ûn... (*wurdt ûnderbrutsen troch Folkert*)

Folkert: En doe seidesto, ik ha myn swimdiploma A!

Klaas: Stil! Dat gejeuzel fan jo kin ik no net oan 'e kop ferneare.

Gerda: Lit him no mar. Fertel, wat frege dy jonge.

Klaas: Jonge!!! It wie in glêdjanus. Oké, hy frege nei myn diploma's, ûnderfining en kwaliteiten. Doe't ik him fertelde dat ik jierren as jiskeman wurke ha, like it der op dat it dizze kear slagje soe.

Gerda: Wêr is it mis gongen dan?

Klaas: It gong mis doe't dat eigenwiis stik fretten my frege wêrom 't krekt ik de dupe waard fan de reorganisaasje binnen de gemeentlike reinigingstsjinst.

Gerda: Fûnst it dreech om dat ûnder wurden te bringen?

Klaas: (*fel*) Hielendal net! Ik ha him presys ferteld hoe't ik oer dat skoarem by de gemeentlike oerheid tink. Ik ha him sein dat ek al ha je nul ferstân, je dan noch altyd geskikt binne om gemeentlik amtner te wurden. Hoe minder grize sellen, hoe geskikter foar gemeentlik wurk sei ik. En doe wie ik klear.

Gerda: Hoesa?

Klaas: Hy fertelde my dat de plantsoenetsjinst wêr't ik sollisiteard hie in ûnderdiel is fan de gemeentlike oerheid. Allinnich al dêrom wie de plantsoenetsjinst net de meast geskikte wurkomjouwing foar my, neffens dat eigenwiis stik fretten. En dat wie de ein fan it ferhaal.

Folkert: Hast dan net ferteld dat dyn heit jierren direkteur fan de gemeentlike reinigingstsjinst west hat?

Klaas: (*dúdlik yrriteard*) Hâldt asjebleaf op mei dat geswets, heit. Dêr ha ik no hielendal gjin ferlet fan. En ik wit net hoe't it mei jo holle is, mar jo ha nea yn tsjinst west by de gemeentlike reinigingstsjinst.

En soe dat al sa west ha dan soe dat earder as boadskipjonge west ha.

Folkert: (*misledige*) Mar ik wurke teminsten!

Klaas: (*draait him nidich om nei syn heit*) Wat sizze jo dêr, oerjierrige bloedsûger! Tinke jo dat ik sa graach yn 'e WW sitte wol?

Folkert: It spyt my. Dat hie ik sa net sizze moatten.

Klaas: Lit mar. Ik sit op dit stuit ek net sa goed yn myn fel. (*komt oerein en rint nei de **rjochter** doar*) Ik gean efkes nei it hok. Dêr is altyd wol wat te dwaan.

Gerda: Fefelend. Dat is alwer de safolste ofwizing. Wie hy mar wat diplomatyker. Dan hie hy grif noch as jiskeman oan it wurk west. Hy sil dat nea tajaan, mar yn dat wurk wie hy ynlokkich.

Riekje: Eins ha ik nea begrepen wêrom heit fuort moast by de reinigingstsjinst.

Gerda: Ik sil besykje dy yn in pear sinnen te fertellen wat der bard is. Do witst dat alle bedriuwen oan it besunigjen binne.

Annette: Dat komt fan 'e krisis, no mem?

Gerda: Krekt. De gemeente moat ek besunigje. Sadwaande moasten der by de reinigingstsjinst minsken út.

Riekje: En doe hiene se grif ek jiskemannen oer?

Gerda: Krekt Riekje. Neidat bekend makke waard dat der minsken ûntslein wurde soenen, binne alle jiskemannen byinoar sitten gongen. Se ha doe besletten dat se it net pikke soenen. Se ha heit doe frege om as wurdfierder op te treden. No dat ha se witten!

Riekje: Hoesa?

Gerda: Die keardels hiene mei-inoar besletten in petear mei de direksje oan te freegjen.

Annette: Wat is der doe bard?

Gerda: Krekt wit ik it net, want heit wol der eins net oer prate. Fan syn maat ha ik letter begrepen dat heit him as wurdfierder net alhiel neffens de ûnbeskreaune rigels en foarskriften gedroegen hat. Sa stelde hy foar om fuort nei de direksjekeamer te gean ynstee fan in ôfspraak te meitsjen. Hy wâde yn ien kear de doar út 'e sponningen en skold de direkteur út foar 'smoarge dief'. Wat dêrnei allegearre bard is wit ik net.

Annette: Hat syn maat dat net ferteld dan?

Gerda: Dat koe net, want hy wie der net by.

Annette: Dat begryp ik net.

Gerda: De direkteur wie in bytsje liik oer die stomme aksje, sa't er sei. Hy stjoerde alle jiskemannen nei de kantine, útsein jim heit. Wat der krekt bard is wit ik wier net. Heit praat hjir leaver net oer. Wat ik wol wit, is dat heit in ferklearring ûndertekene hat wêryn hy

akkoord gongen is mei ûntslach fanwege in troch te fieren reorganisaasje. Hy hat noch in lytse ôfkeapsom meikrigen en doe wie it de ein fan syn karriêre as jiskeman.

Annette: Dus dat er fuort moast wie eins wol in bytsje syn eigen skuld.

Gerda: Dat fyn ik ek, mar heit tinkt dêr oars oer.

Riekje: Dochs fyn ik it wol moedich dat heit it foar de oaren opnimme woe.

Gerda: Dat kin wol wêze, mar jo fange mear miggen mei sjerp as mei jittik.

Folkert: As hy it by my melden hie, dan hie ik myn sekretaresse opdracht jaan kind om alles werom te draaien. Mar dat is no te let.

Annette: (*synysk*) Wat is dat ôfgrysluk spitich. As jo meikoarten in advertinsje sjogge wêryn se om in doarpsgek freegje, dat moatte jo foaral net ferjitte te sollisitearjen. Jo wurde grif fuort oannommen.

Folkert: Alles better dan de hiele godgânske dei hjir yn 'e stoel te hingjen. Ik tink dat ik jûn mar werris nei de kroech gean.

Annette: Jo bedoele it Alzheimer Kafee tink?

Folkert: No en...., wat is dêr op tsjin?

Gerda: Ferjit it mar. Jo gean net hielendal allinnich de stêd yn. Ik wit dan net wêr't jo binne en wat jo allegear by it ein ha. Ik miende oars dat jo sokke seare skonken hiene? Allinnich as jo probearje út te naaien, dan falt it mei de pine ynienen hiel bot ta. (*Folkert sjocht liik, seit neat*) Sis mar wat jo tinke, âlde! (*Folkert bliuwt liik sjen, mar hâldt him stil. Jos komt links op en giet sitten*) Hoechst hjoed net te wurkjen?

Jos: Ik ha in snipperdei nommen en bin fannemoarn betiid al nei Bertus gongen. Hy hie in scooter kocht, mar krige dat ding net oan 'e praat.

Riekje: En docht er it no wol?

Jos: Fansels. Wy ha it motorke hielendal út inoar helle, skjinmakke en wer yn elkoar setten. Hy rint no as in naaimasientsje.

Annette: Dat is moai foar Bertus, mar it kostet dy in snipperdei.

Jos: (*lûkt ûnferskillich oan 'e skouders*) Ik ha dagen by de rûs! As Bertus mar bliid is dan fyn ik it bêst.

Gerda: Do bist fierstente goed, Jos.

Riekje: Witst wa't hjir noch mear bliid is?

Jos: Ik soe it net witte.. Heit?

Annette: Dêr soe ik mar net op rekkenje. Heit is him oan it ôfreagearjen yn it hok.


Jos: No, sis it dan mar, Riekje.

Riekje: (*gewichtich*) Annette.

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407



“Samenspelen” is ons motto